

SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde

Rjochte oan DS / lid DS	De Rouwe BTW ferheging Tariven drinkwetter Vitens
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	It nije kabinet is fan doel it BTW tarief foar earste libbensferlet (levensbehoefte) fan 6% nei 9% te ferheegjen. Drinkwetter falt ûnder it earste libbensferlet. Yn Fryslân is Wetterbedriuw Vitens de haadrolspiler yn de drinkwetterfoarsjenning yn Fryslân. De provinsje Fryslân is oandielhâlder fan it Wetterbedriuw Vitens. Foar de ynwenners fan Fryslân sil dit in ferheging yn de kosten fan drinkwetter betsjutte.
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Is it kolleezje op 'e hichte fan de mooglike belestingferheging fan it nije kabinet op drinkwetter fan 6% nei 9% ?2. Is it kolleezje mei ús iens dat drinkwetter in earste libbensferlet is?3. Is it kolleezje mei ús iens dat drinkwetter dêrom net swierder belest wurde moatte soe?4. Is it kolleezje ree om har tsjin dizze belesting ferheging te fersetten?5. Is it kolleezje ree, as it kabinet trochset mei de BTW-ferheging, om sa nedich de Fryske boarger fia Vitens te kompensearjen? Binne jim it mei ús iens dat it eigen fermogen fan Vitens fan € 526 miljoen dêrta brûkt wurde kin?

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) Sybren Posthumus
---------------	---

Datum	19 novimber 2017
-------	------------------